

stavering meitsje en skriuwe dan mar Dútsk. En dogge se dat net, dan sit dat Dútsk har by it skriuwen likegoed wer yn 'e wei, omdat de automatyske staveringskorreksje by it Frysk skriuwen dwerse kneppels smyt. It sprekertal remmet it gebrûk yn groepen; der sitte dan al gau net-Noardfriezen by en dan begjint it neutrale Dútsk hast automatysk foar master op te slaan. It meast wurdt it Noardfrysk dan ek brûkt yn 'e ien-op-ien-kommunikaasje mei bekenden.

(siebren dyk)

Henk Wolf, 'De vrouw in het Friese lexicon', Taal en Tongval 72 (2020), 179-208.

Stúdzjes nei wurdfjilden binne fan-âlds faak beheind ta ynherint frij koarte stikjes yn taalrubriken, mar dat serieuze tydskriften har der ek hielendal net foar hoege te skamjen bewiist dit artikel fan Henk Wolf. It beskriuwt de termen foar in froulik minske yn it Frysk en fan alles dat dêrmei anneks is. Wolf begjint mei de waarnimming dat it wurd *frou* yn it Frysk in folle beheinder tapasingsgebiet hat as *vrouw* yn it Nederlânsk en *Frau* yn it Dútsk. In hat noch altyd wat in heger sosjaal berik, wat oantsjuttingen as *frommes* en *minske* mooglik makke hat. Neffens Wolf hat de suppletive meartalsfoarm *froulju* dêrby ek in rol spile. Yn paragraaf 6 lit er oars sjen dat dy nije foarmen yn it gebrûk likegoed ek noch allegearre beheinings sjen litte. En fierders is der it âlde wurd *wiif*, dat foar in troude frou noch altyd yn

gebrûk is, ek al lykje Wolf syn data, dy't er inkeld helle hat út 'e *Nederlandse volksverhalenbank* fan it Meertensynstitút, hjir net hielendal represintatyf. Wolf hâldt fierders út dat it Frysk net in twadieling ûnfolwoeksen-folwoeksen hat, mar in fjouwerdieling bern-jong-folwoeksen-âld. En by dat alles giet er ek noch koart yn op 'e man, benammen op dy syn beide meartalsútgingen *mannen* en *manlju*.

As lytse oanfolling mei der mi-skien op wiisd wurde dat it wurd *minsk(e)* him yn in dialekt as it Skiermûntseagersk noch folle mear wreide hat. In *man* en in *minsk* is dêr de oantsjutting foar in man en syn frou. Soks kaam ik oars ek tsjin yn it Meslânzersk. En fierders, as we it dochs oer lytse dialekten hawwe, is it ek wol kurieus dat it âldste fynplak fan it meartal *froulju* út in Hylper tekst komt. Dat hie Wolf der om my noch wol even by sizze mocht.

(siebren dyk)

Henk Wolf, 'Gebruiksaspecten van het uitroepartikel wat in het Nederlands en Fries', Tijdschrift voor Nederlandse Taal- en Letterkunde 136 (2020/4), 189-209.

Wolf lit yn dit artikel sjen dat it útroppende *wat* yn it Frysk rommere gebrûksmooglikheden hat as *wat* yn it Nederlânsk. It giet dan om sinnen as dûbel *wat* (*wat ha jim wat mei my!*), it kin mei partitive genitiven (*wat ha jim wat moais delset!*), it kin tagelyk mei in graadferheegjend bywurd (*wat wie it wer in tige slagge*

feest) en it kin ridlik goed mei elativen (*wat ha jim in **nagelnije** auto kocht*). Dy ileminten ha mienskiplik dat se net goed skaalber binne. It Nederlânske *wat* is wol ta dat kritearium beheind, wat Wolf der ta bringt om oan te nimmen dat it Nederlânske *wat* lokaal bûn is oan it skaalbere ilemint, mar dat it Fryske *wat* ek op 'e hiele utering slaan kin en dêrmei in bredere, pragmatyske funksje kriget. De rommere mooglikheden wurde neffens Wolf wjerspegele yn rommere mooglikheden fan *wat* by fragen, lykas *wat keardel is dat?*, en hy wiist op ekstra yntonaasjemooglikheden. In tuskenlizzende persoansfoarm kin nammenlik flink wat klam krije, as yn *wat DOCHT er gèk!* Soks kin ek wize op in minder direkte bân tusken *wat* en it skaalbere *gek*.

(siebren dyk)